

‘Ijsselmeer Challenge’ foar fisueel beheinde Jos

Jos Lavrijsen hat in fisuele beheining en giet op syn surfplank de oerstek meitsjen fan it Fryske Ealahuzen nei Enkhuizen. In tocht fan rom 40 kilometer oer it útdaagjende wetter fan it Iselmar. Jos is dêrmei it boechbyld fan de ‘Ijsselmeer Challenge’, dy op 11 april 2024 organisearre wurdt troch Stifting SailWise, fanwege har fitichjierrich bestean. SailWise is yn Fryslân bekend fanwege de katamaran ‘Beatrix’ en groepsakkomodaasje ‘It Sailhûs’ yn Elahuizen, beide hielendal oanpasse foar minsken mei in beheining.

Aktive wettersport kin en moat tagonklik wêze foar elkenien - ek asto in beheining hast, dat is it boadskip dy’t Jos Lavrijsen uitdraget. Hy wurdt dêrby oanmoedige troch in begeliedende float, besteande út de wettersporters fan TeamNL, dielnimmers fan SailWise en bekende en minder bekende Nederlanders, dy’t de doelstelling en it inklusieve karakter fan SailWise graach ûnderstreekje.

Yn de oanrin nei dizze sportive prestaasje fan formaat folgje wy Jos Lavrijsen yn syn tarieding foar de Ijsselmeer Challenge. Wy prate mei de talintfolle wedstriidsiler Jorien Hin, dy’t ek jongereinambassadeur is foar SailWise. Ek daagje wy de silers fan TeamNL út om mei in beheining te silen; hoe sil it foar harren wêze om blyn te silen?

De SailWise ‘Ijsselmeer Challenge’ fertelt in posityf en ynklusyf ferhaal oan minsken. Dat komt ek yn utering yn it motto fan it Lustrum: ‘Grenzen verleg je samen’ (Grinsen ferlis je mei-inoar). Tegearre mei Jos sille oare sporters it wetter op om dreamen en doelen nei te strjibjen en dêrmei grinzen te ferlizzen. Of it no giet om profesjonele sporters, amateursporters, mei- of sûnder beheining: mei-inoar litte wy sjen dat it ûnmooglike mooglik wurdt makke.

Op ús webside stiet de meast aktuele ynformaasje: <https://sailwise.nl/nl/50-jaar/sailwise-ijsselmeer-challenge>. Op dit stuit wurdt der wurke oan in ynterview mei belutsenen, steane der filmopnames pland en is der noch kommunikaasje mei mooglike dielnimmers oan de begeliedende float. Wy hâlde jo graach op de hichte fia mail, webside en sosials.

Foar fragen kinne jo terjochte by Joke Santema (meiwurker kommunikaasje), tel: 06 362 53 465, mail: j.santema@sailwise.nl of Renske Rietbergen (direkteur SailWise), tel: 06 537 49 025, mail: r.rietbergen@sailwise.nl



Route SailWise Ijsselmeer Challenge



Surfer Jos Lavrijsen